

Ljouwert, 25 maart 2011

Achte Minister Donner,

Hjirûnder de reaksje fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT) op jo foarstel Wet gebrûk Fryske taal. Om't it EBLT, as koepel fan Fryske en Nedersaksyske organisaasjes, de Europeeske diminsje fertsjintwurdiget fan de oansletten organisaasjes, wolle wy graach noch twa punten taheakje oan de ûndersteande kompliminten en oanbefellings:

- Foar de Wet gebrûk Fryske taal soe it model oanhâlden wurde kinne fan it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen. It "Committee of Experts" fan de Ried fan Europa soe dêrby miskien ek wol stipe ferline kinne.
- Dêrneist wolle wy oproppe de takomstige taalwet toetse te litten troch ynternasjonale juristen.

Dizze reaksje is folslein yn it Frysk, foaral om't jo sels sein hawwe dat Friezen faker it Frysk brûke moatte yn kontakt mei de oerheid. Mocht dit dochs swierrichheden opleverje, dan hearre wy it graach.

Mei freonlike groetnisse,

Onno FalkenaBestjoerslid Europeesk Buro foar Lytse Talen

Europeesk Buro foar Lytse Talen
c/o Fryske Akademy
Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden

T 0031(0) 58 - 234 3024

F 0031(0) 58 - 213 1409

E tkalsbeek@fryske-akademy.nl

Kompliminten

1.

Komplimint dat der in “Wet gebrûk Fryske taal” komt. Mear as 100 jier nei it earste belied fan Provinsje Fryslân en 60 jier nei Kneppelfreed. Prima, dat ek de ymplementaasje fan de ferplichtings yn it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen (yn wurking sûnt 1998) no yn in wetlik kader set wurde.

2.

Komplimint dat de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) nei mear as 20 jier in wetlike ferankering krijt.

3.

Komplimint dat it Konsultatyf Orgaan wetlik ferankere wurdt yn in “Raad voor de Friese taal”.

Oanbefellings

1.

It foarstel fan de wet sa't it der no leit moat de status krije fan in kaderwet, dêr't ek yn in letter stadium oare wetjouwing by oanheakke wurde kin. Dêrby soe de wet periodyk (bygelyks eltse 4 jier) op 'e nij besjoen wurde moatte. Binne der feroarings/oanfollings nedich? Sjoch bygelyks nei it Gaelic yn Skotlân.

- Of no daliks ek de oare domeinen opnimme yn de “Wet gebrûk Fryske taal”.
- Of ôfspraken fêststelle oer it opnimmen fan de oare domeinen binnen 4 jier.

Dêrneist moat foarkommen wurde dat besteande wetjouwing ferfalt, foar't dizze nije “Wet gebrûk Fryske taal” rjochtsjildich is (artikel 37).

2.

Yn artikel 2 wurdt it wurd “periodiek” neamd.

- Yn de wet soe in útfieringskonvenant opnommen wurde moatte, bygelyks ôfspraken foar in perioade fan 4 jier.

3.

Yn de nije taalwet moat fêstlein wurde dat de Provinsje Fryslân in wetlike taak hat as it giet om it fieren fan belied op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. En ek dat der sprake is fan in mienskiplike ferantwurdling fan it Ryk en de Provinsje tegearre, om't it Ryk de ûndertekener is fan sawol it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen en it Kaderferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden.

4.

Yn artikel 21, §2 wurdt sein dat de leden fan de “Raad voor de Friese taal” op foardracht fan it ministearje beneamd wurde.

- De leden moatte op foardracht fan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân beneamd wurde.

5.

Yn artikel 5, §2 stiet “kunnen deze bestuursorganen”. Dit soe eins “moeten deze bestuursorganen” wêze moatte.

6.

Omrop Fryslân soe yn de wet opnommen wurde moatte. Reden dat dizze apart neamd wurde moat is dat Omrop Fryslân in spesjale status fertsjinnet, oars as oare regionale omroppen, fanwegen de ekstra funksje foar de Fryske taal. Dizze spesjale status soe dan ek gearhingje moatte mei in eigen budzjet foar Omrop Fryslân.

7.

Der moatte bettere en dúdliker ôfspraken oer de finânsjes makke wurde.

8.

De formulearring fan it konseptfoarstel is swakker as de “Algemene wet bestuursrecht” (AWB) as it giet om it mûnling brûken fan it Frysk yn gearkomsten fan publike organen. De “Wet gebrûk Fryske taal” moat ditoangeande net efterútbuorkje.

9.

Omtinken foar de sichtberens fan it Frysk by de oerheden yn Fryslân is wichtich, want sa meitsje je it publyk dúdlik dat der wat feroare is en dat Frysk en Nederlânsk lykweardich binne en beide brûkt wurde kinne. Soks komt ek oerien mei de bedoeling fan Minister Donner. Hy seit Friezen oanmoedigje te wollen “meer Fries te gebruiken bij de overheid”.

Tink hjirby oan:

- It boerd “Rechtbank” op de gevel fan de rjochtbank op it Saailân yn Ljouwert wurdt ferfongen troch in twatalich model en wurdt dus Rechtbank/Rjochtbank. Je soenen dat dwaan kinne op de dei dat de nije taalwet fan krêft wurdt. Foar it boerd “Gerechtshof” jildt itselde. Dat wurdt Gerechtshof/Gerjochtshôf. As ferfolch hjirop wurde de buordsjes yn beide gebouwen twatalich makke.
- “Politie Fryslân” wurdt Politie/Plysje Fryslân. Ek op de plysje-auto's komt njonken “Politie” Plysje te stean. Friezen hawwe it rjocht om Frysk te praten, wat yn it Frysk sein wurdt, wurdt ek yn it Frysk notulearre. Dit is net ûnbelangryk en ûnlogysk, want op de rjochtbank wurdt faak gebrûk makke fan ynformaasje fan de plysje. It is dan wat frjemd as der fan de plysje Nederlânsktalige ferklearringen komme fan in fertochte dy't op de rjochtbank Frysk praat en yn it Frysk notulearre wurdt.
Op it callcenter fan Politie/Plysje Fryslân meie allinnich minsken wurkje dy't it Frysk goed ferstean. As de Fryske plysje foar in noardlik callcenter kiest, dan moat 'goed passyf Frysk' en 'in positive taalhâlding' in funksje-eask wêze foar alle meiwurkers. As yn de praktyk bliken docht dat dit net te realisearjen is, rjochtet de Fryske plysje, lykas foarhinne, in eigen callcenter yn. It kin net sa wêze dat Friezen dy't mei de plysje belje, faak yn in situaasje fan stress, har eigen taal net prate meie.

10.

Net yn de konsepttaalwet, mar wol yn de motivaasje stiet in foarstel om Frysktalige kieslisten foar ferkiezings mooglik te meitsjen. In goeie saak, mar yn de praktyk krije mar in bytsje minsken sa'n formulier ûnder eagen. Om de lykweardigens fan Frysk en Nederlânsk te ûnderstreekjen soe it in goeie saak wêze om fanôf it momint dat de taalwet yngiet ek foar de Stempas/Stimpas in twatalich model te meitsjen dat tenei yn Fryslân foar alle ferkiezings brûkt wurdt.